



Oersetter Friduwih Riemersma: „Wy seine hiel spontaan: dat moatte wy dwaan, dat is goed foar Fryslân.” FOTO JEAN-PIERRE JANS

Sels de foarmjouwing moast foarlein wurde oan 'Amea-rika', of om krekt te wêzen: oan it literêre agintskip fan Amanda Gorman. „Dat gie oars hiel flot, yn twa dagen wie dat klear.” Utjouwer Hille Faber, fan De Ryp, hie it der lykwols mar drok mei, en hy net allinne. Oersetter Friduwih Riemersma, *sensitivity reader* Michelle Samba en kultuerdeputearre Sietske Poepjes allyksa. Mar it is slagge. *De hichte beklimme wy* is no út. In kreas, behindich boek-wurkje.

De boekpresintaasje ferline wike wie in sukses. Mei bier en bitterballen, in digitale ferbining mei de pleatsferfangend ambassadeur fan de Feriene Steaten yn Nederlân en de Surinaams-Hindoestaanske dichter Rabin Baldewingsh, dy't it earste eksimplaar krige en in gedicht fan himsels, oersetten yn it Frysk, foardroech. Hy is ek noch Nasjonaal Koördinator tsjin Diskriminaasje en Rassisme, dat de tematyk fan de dei en de bundel wie wol dúdlik. En kreas taspit op it Frysk.

The Hill We Climb – it is, soks mist net, it ferneamdste gedicht fan dizze iuw. De poëzij krige kleur doe't Amanda Gorman it foardroech by de ynauguraasje fan Joe Biden, de Amearikaanske presidint, op 20 jannewaris 2021. Kleur omdat Amanda Gorman, doe noch mar 22, der in hurdgiele Prada-jas by oan hie, mar benammen fansels omdat se swart is.

Sa kin poëzij kleur bekenne. *The Hill We Climb* is in lang gedicht, oer 'ûnrjocht út it ferline en pine yn it no', want 'slavernij en rassieskieding binne net typysk Amearikaanske kwestjes; se binne ek net ûnbekend yn Nederlân en Fryslân.' En: 'Leafde en ferjouwing, oandacht en respekt: allegear nedich en somtiden djip yn ús karakterstrukturen weistoppe. Krekt by minsken dy't oars as ús binne, of saken sizze dy't wy ûnsin fine, moatte wy net yn oertiidrefleksen sjitte.'

SIETSKJE POEPIJES EN OPRAH WINFREY
Dêrom: in tiidleas gedicht, dat krekt ek fan alles seit oer ús tiid, net allinnich oer it Amearika fan Gorman en Biden (en Trump) mar ek oer it Nederlân, it Fryslân fan ús. In gedicht, dus, dat ek yn it Frysk oersetten wurde moast, wie kultuerdeputearre Sietske Poepjes fan tinken – de sitaten fan niis komme út har ynlieding fan *De hichte beklimme wy*. Dy giet foarôf oan dy fan Oprah Winfrey, sels fynt Poepjes dat wat senjant.

Dat dy oersetting der no is, yn boekfoarm en al – it is suver in mirakel. Miskien hiene wy it mei ús allen witte kinnen, doe't de Nederlânske tillefyzje derfoar keas om der gjin ûndertitels te jaan – dat soe ôfbraak dwaan oan de

skientme fan de wurden en de foardracht fan Gorman. En krekt dy foardracht makke in grut part fan it effekt út. Want Amanda Gorman is ek in *spoken word*-keunstner.

Dy foardracht trof Sietske Poepjes, en nammers ek dichteres Friduwih Riemersma dy't – Gorman wie noch dwaande op it skerm – daliks al freonen en relaasjes oanfitere: sjen, hjir bart wat bysûnders! Dat doe't se Poepjes oan de tillefoan hie oer hiel wat oars, (de Gysbert Japicxpriis, want sa't dat no giet is har en in protte oaren min nei't sin – „it moat wer in priis wurde dêr't de boargers grutsk op binne”) frege Poepjes har: wolsto dat net dwaan? *The Hill We Climb* yn it Frysk oersette? Riemersma: „Wy seine hiel spontaan: dat moatte wy dwaan, dat is goed foar Fryslân.” Se glimket. „Miskien wol wat te spontaan.”

Mei de Nederlânske oersetting wie der ommers al gedonder. Marieke Lucas Rijneveld luts him werom omdat er net 'fan kleur' is. Dat er ek noch ris gjin oersetter is, wie miskien wol sa pynlik, mar soks wie foar it literêre agintskip fan Gorman it punt net. Dat sadwaande moast er oan de Fryske oersetting ek in persoan 'fan kleur' te pas komme. ek al woe Riemersma ha dat sy, as Fries, ek lid is fan in *indigenous* minderheid. Poepjes hie Michelle Samba ris meimakke, jong Frysk multitalint mei Afrikaanske woartels, dat dy moast it mar wurde: de foarskreaune *sensitivity reader*. Soargje dat it perspektyf fan minsken fan kleur goed ta syn rjocht komt. Want dêr giet it op it lêst om by dit gedicht.

OERSET- EN KONTRAKTESIRKUS

Dus dat ek dizze oersetting der net sûnder tûkelteammen kaam, is miskien ek wol symboalysk. It koste útjouwer Hille Faber, derby helle troch Riemersma, de noadige muoite om derefter te kommen wêr't einliks de rjochten leine. „En wy wiene al begûn, mar wy hiene earst tastimming freegje moaten.” Dy kaam der by eintsjebeslút, ûnder betingsten.

En doe begûn it hiele oerset- en kontraktetesirkus. Dat gie noch hast mis, seit Riemersma: de provinsje kaam net mei de papierwinkel oer de brêge, der wie gedoente oer de betelling (Riemersma rekke it offisjele oersetstaryf, Samba frege in 'artystetaryf' dat wol efkes heger wie) en op in stuit luts, seit Riemersma, de provinsje de opdracht sels yn. Faber: „Dat waard efkes yngewikkeld. Ik ha sein: provinsje, sykje it mei de dames út.”

By eintsjebeslút krigen beide froulju itselde bedrach, en se diele ek de *credit*, ek al hat Riemersma der wol efkes mear wurk fan hân.



'Sensitivity reader Michelle Samba. „Se hat tige helpen om dingen dúdlik te meitsjen. De oersetting is der sterker fan wurden”, seit Friduwih Riemersma.

Symboalyske tûkelteammen

Der sieten in protte tûkelteammen oan fêst, mar no is it der dochs: *De hichte beklimme wy, de Fryske oersetting fan The Hill We Climb fan Amanda Gorman, it it ferneamdste gedicht fan dizze iuw.*



Amanda Gorman

Tekst Jacob Haagsma



Kultuerdeputearre Sietske Poepjes en Rabin Baldewingsh, dichter en nasjonaal koördinator tsjin rasisme en diskriminaasje, by de boekpresintaasje op freed 11 febrewaris.

Fan Friduwih Riemersma heart men gjin kwea wurd oer Michelle Samba. „Sy is ek mar brûkt as *token*, om de kleur fan har fel. Dat heart net sa, dat is ûnfatsoenlik.” Op dy boekpresintaasje helle Faber mei in protte niget it ferhaal *De skriuwer fan it doarpsbelang* oan, fan Friduwih har heit Trinus Riemersma, de grutste Fryske skriuwer ommers. Yn dat ferhaal bemuoit eltsenien him mei it ferhaal fan de skriuwer, oant der suver neat oerbliuwt. Allinne: 'Ik de buorren út.'

Faber syn bedoeling is dúdlik, mar Riemersma fêlt har net oansprutsen. „Nee, dêr haw ik gjin lêst fan.” Samba en Riemersma ha noflik gearwurke, „se hat ek tige helpen om dingen dúdlik te meitsjen. De oersetting is der sterker fan wurden.”

Dy boekpresintaasje wie op it provinsjehûs, want de provinsje kaam wol wer oan board en soarge foar de bitterballen. „Se ha de presintaasje betelle, no prima.” Ek Museum Hindeloopen hat meibetelle oan de útjefte, mar de grutste bydrage, seit Riemersma, leverre útjouwer Faber – yn jild en yn tiid. „Ik bin him tige tankber.”

Hille Faber sjocht mei mingde gefoelens werom op it hiele aventuer. Jawis, it boekje ferkeapet skoan – in pear hûndert yn in pear dagen. Mar: „Ik doch der jierren oer om likefolle te ferkeapjen fan goede bondels fan Erik Betten of Abe de Vries. Dat is foar my as útjouwer wol navrant.” En dat gedoch oer dy rjochten.... Foar de roman *Met stille trom* fan F. Springer, dy't Faber yn it Frysk oersette lit, wie it yn in middei regele.


GJIN PRADA-MANTEL

Hy wol ek wol sizze wat er kwyt wie oan de rjochten fan *The Hill We Climb*: 500 euro, plus 8 persint per ferkocht boek, dat as de hiele handel (500 eksimplaren, hy tinkt net dat er noch in printinge meitsje lit) komt der nochris 400 euro by. Goed, dêr sil Amanda Gorman gjin nije Prada-jas fan keapje kinne. „Nee, mar faaks wol in huod-sje.”

Noch efkes werom nei de boarrels en de bitterballen fan de boekpresintaasje. It gie dêr ek earne oer – op oantrunen fan Riemersma wie anti-diskriminaasje-organisaasje Tumba der ek by. En dat dichter en rassismekoördinator Rabin Baldewingsh dat gedicht fan him yn it Frysk foardroech, die har ek tige deugd. Se ferntlike har om rigels as 'Smoar mar yn jimme identiteit', „en hy droech it foar yn moai geef Frysk”.

Hy hie de oersetting sels makke, fia Google Translate, en neisjen litten troch de Fryske freon fan syn assistinte. Miskien seit soks ek wol wat. Hoe dan ek, fynt Riemersma: „De sirkel wie wol rûn.”

“Wy seine hiel spontaan: dat moatte wy dwaan, dat is goed foar Fryslân



Titel The hill we climb / De hichte beklimme wy
Skriuwer Amanda Gorman
Oersetten troch Friduwih Riemersma en Michelle Samba
Utgjeverij De Ryp
Priis 10 euro (32 siden)